

## Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn 'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn 'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan 'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1<sup>ste</sup> foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woenne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn 'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik "De bekroande earsteling". De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300<sup>ste</sup> lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

**Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog**

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

**Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!**

## Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971  
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 37  
Nûmer 5, April 2023**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889  
RABO-bank Lelystêd  
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396


**It Frysk Boun om Utens**

**Sneon 16 septimber 2023  
100 jierich Jubileum  
It Frysk Boun om Utens.**

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking fan it **100-jierich bestean** fan it Boun op **16 septimber 2023**. Sjoch foar mear ynformaasje op 'e webside fan It Boun:

[www.fryskbutenfryslan.frl/100\\_JIER\\_FRYSK\\_BOUN.html](http://www.fryskbutenfryslan.frl/100_JIER_FRYSK_BOUN.html).

**AG en M- en Y-dei 16 maart 2024.**

Sneon **16 maart 2024** binne jimme wolkom op de **Algemeine Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemidde** fan it Frysk Boun om Utens yn Meppel. Dit is nei oanlieding fan **harren 100-jierich jubileum**.



**MOETINGS- EN  
YNSPIRAASJE DEI**

fierder op yn. Yn dy reaksje stiet ek dat Switserlân de beskermingsstatus nefens it Ferdrach fan Bern ferleegje woe, mar dat de EU dat no noch te betiid fynt.

FNPFraksjefoarsitter Sijbe Knol: "De Europeeske Kommisje is dúdlik noch net safier dat er romte sjocht foar behearmatregels foar de wolvepopulaasje yn Fryslân, mar jout wol iepeningen om wat oan spesifike probleemwolven te dwaan en om feehâlders mear as foarhinne te stypjen. It is opfallend dat de Nederlânske oerheid dêr gjin gebrûk by makket fan beskikbere Europeeske fûnsen."

De FNP fynt it goed dat de Kommisje trochpakt mei it yngeande ûndersyk, dat dit jier útfierd wurdt. De Nederlânske minister hat oanjûn ek earst noch in dialoach te wolle, mar hat al kontakt socht mei har kollega's yn de buorlannen om in mei-inoar ta in ynternasjonale wolveplan te kommen.

It besef is der yntusken wol dat der wat dien wurde moat oan de wolf yn ús regio, mar it hat tiid nedich foardat behear mooglik wurde sil. Oant it safier is, giet de FNP troch mei syn ynset foar beskermingsmaatregels.

Hovenier  
**G. Veenstra**

*Voor al uw tuinwerkzaamheden*

Bolderweg 60<sup>a</sup>  
8243 RW Lelystad  
Tel. (0320) 251 009  
Mobiel 06-20056979


**Foar nije  
en healsliten  
boeken**


kin Jo altyd terjochte by:

**Luit en Johanna Dijk**

**0320 - 412444**

**luit.dijk@kpnmail.nl**

MINSKEN,  
wêz dochts tûk  
kom nei Valentijn  
foar in presintsje  
of opsmûk



**KUNSTNIJVERHEID**  
Waagpassage 126,  
8232 DW Lelystad.

**It is mei sizzen  
net te dwaan!**

Schoen- & Sleutelservice

**T. Boonstra**  
Weversstraat 24,  
8223 AC Lelystad  
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden  
versleten zijn,  
gooit u uw auto toch  
ook niet weg !?**



**VAN LIER**  
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige  
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

**WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL**

## FNP kriget antwurd út Brussel oer de wolf

De FNP-Steatefraksje hat ferline wike antwurd krige fan de Europeeske Kommissje op it fersyk om de beskermingsstatus fan de wolf oan te passen. Wiidweidich wurdt yngien hokker mooglikheden it EU-belied jout om feehâlders te stypjen om it fee te beskermjen en de mooglikheid dy't lidsteaten hawwe om yn bysûndere gefallen spesifike probleemwolven oan te pakken.

Begjin febrewaris hie de FNP-Steatefraksje yn in brief oan foarsitter Ursula von der Leyen fan de Europeeske Kommissje frege om de beskermingsstatus fan de wolf yn Fryslân op koarte termyn oan te passen. Soe de Europeeske Kommissje dat dwaan, dan koe de provinsje maatregels nimme om it grutte tal oanfallen fan wolven op fee tsjin te gean.

Yn it antwurd jout de Europeeske Kommissje oan dat binnen it natuerbelied it wichtich is om de wolf yn Europa werom te bringen yn in geunstige steat fan ynstânhâlding, neidat it bist earder útrûge is. Mar dat leveret wol konflikten op mei de feehâlderij. It giet derom om in wize fan gearlibjen tusken wylde bisten en de feehâlderij te finen. Besocht wurdt om maatregels dy't goed wurkje om bisten te beskermjen, safolle mooglik bekend te meitsjen en dêrta hantrekken te bieden.

Wiidweidich wurdt ek yngien op de mooglikheid om feehâlders stipe te jaan om har fee te beskermjen. Dat jildt sawol foar it materiaal, bygelyks de stekken, mar ek foar it wurk dat dêrmei ferbûn is. Dêrnjonken soene lidsteaten foldwaande kompensaasje biede moatte as dochs bisten oanfallen wurde. De ferantwurdlike Europeeske Kommissarissen fan miljeu en lânbou hawwe earder in brief stjoerd oan de nasjonale ministers oer de ynset fan EU-subsydjes en tastiene steatsstipe. Nederlân makket dêr gjin gebrûk fan.

Wat it behear fan wolven oangiet, skriuwt de Europeeske Kommissje dat lidsteaten ôfwike meie fan de strikte beskerming as dat nedich is om slimme skea tsjin te gean. Der moat dan gjin akseptabel alternatyf wêze en it behâld fan de soarte mei net yn gefaar komme. Dêr is ek in hantrekken beskikber foar.

Oer de yngeande beoardieling fan de wolf dêr't de FNP om frege hie, skriuwt de Europeeske Kommissje dat dy al yn 2023 dien wurde sil. Dêr sille alle beskikbere wittenskiplike en technyske gegevens foar bestudearre wurde om te sjen oft oanfoljende maatregels nedich binne. Yn de reaksje fan de Kommissje fan 7 maart 2023 op de resolúsje yn it Europeesk Parlemint giet de Kommissje dêr

## Ynhâld Meidielingelêd:

	<b>side</b>
# Kolofon .....	1
# Foaropwurd fan de foarsitter .....	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Kritenijs .....	4
# Ut de Boekehoeke .....	5
# Ut de Itensiederij .....	6
# To Boalsert yn 'e merke .....	7
# Utnûging 100-jierrich bestean Boun en dei-yndieling 16/09.	8
# Opjefte foar it 100-jierich bestean FBoU yn Swol .....	10 /11
# Wetterstof yn opkomst as enerzjyboarne .....	12
# Twa gedichten .....	13
# Jan Bosgraaf: Frijheid – skreaun yn novimber 2022 .....	14
# FNP kriget antwurd út Brussel oer de wolf.....	16

***De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 5 augustus 2023.***

# Kolofon

**Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:**

**Foarsitter:** *Jan Bijkerk*, e-mail: [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl)

**Ponghâlder:** *Jan Koopman*, e-mail: [jan@zwanenwater.nl](mailto:jan@zwanenwater.nl)

**Skriuwer:** *Luit Dijk*, e-mail: [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl)

**Lid:** *Yvonne Nederpel*, e-mail: [ycm.nederpel@gmail.com](mailto:ycm.nederpel@gmail.com)

**Lid:** *Annie Noppers*, e-mail: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com)

**Lid:** *Jantsje Meijer*, e-mail: [jantsje-meijer@live.nl](mailto:jantsje-meijer@live.nl)

**Koar:** *Fetsje Meijer*, til: 0320-226317, e-mail: [fetsje.meijer@ziggo.nl](mailto:fetsje.meijer@ziggo.nl)

**Kosten:** It lidmaatskip is €15,= yn't jier / stipers €10,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

**De redaksje en opsmûk** fan it boekje: *Jan en Sjoerdsje Bijkerk*.

Kopij opstjoere nei: [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl)

**Eareleden fan de krite:** *Albert Postma en Gerrit Kingma*.

## FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden,

Foar jimme leit it lêste krantsje fan dit winterskoft. Wy kinne gelokkich dit winterskoft wer sprekke fan in 'normaal' winterskoft, sa't we dat wend wiene. De ôfrûne twa jier wiene de mooglikheden om in jûn of middei te hâlden, slim beheind. Lokkich slagge it ús dochs noch in pear kear om byinoar te kommen. It wiene in pear betiizjende en ûnwisse jierren. Benammen troch dat ûnsichtbere firus, dat de hiele wrâld yn 'e besnijing hie.

Mei de útsetter fan de gearkomste by Boerkok hawwe wy dochs wer in moaie ynfolling jaan kinnen oan ús gearkomsten. Wy hawwe ôfrûne winterskoft mear gearkomsten yn de middei hân, om't wy as bestjoer tochten dat dat in bettere opkomst fan leden opsmite soe. Dat is dochs wat tsjin fallen. Wy sille yn it kommende winterskoft gruttendiels wer op 'e middei ús gearkomsten hâlde. As dat net mear oanwêzigen lûkt, dan is it bestjoer fan plan letter wer nei de jûnen te gean. En it is fansels wol sa, dat, as der minder leden op komme dagen, dat wy dan ek gjin djoere selskippen komme litte kinne. Foar de kommende perioade hawwe wy yn it bestjoer ús grinzen fan it jild dochs wat nauwer steld. Mar ús krite is net de ienige krite dy't hjir lêst fan hat. Sa binne der krite dy't yn 2024 fan plan binne der my op te hâlden, sa as Hurderwyk en Apeldoarn. Dat sit faaks net yn it tal leden fan de krite maar om't der gjin bestjoersleden te krijen binne. Dat is fansels wol tige spitich. No, oant no ta hat ús krite dêr noch gjin problemen mei, ús bestjoer is noch foltallich en wy hoopje dat dat ek sa bliuwe kin. Wy hâlde de kop der foar! Op side 4 sjogge jimme de datums fan ús gearkomsten foar it nije seizoen. Set se yn jimme bûsboekje sadat jimme der gjin oare ôfspraken op dy dei meitsje kinne.

De earstkommende gearkomste is net fan ús krite, mar fan it Frysk Boun om Utens. It Boun hat dit jier 100 jier bestien en alle leden fan de ferskate krite wurde útnûge om dit mei te meitsjen yn it SIO yn Swol. Op de siden 8 oant en mei 11 fan dit krantsje kinne jimme sjen wat de deiyndieling is en op hokker wize jimme jim opjaan kinne. Us sjongkoar sil dêr mei de oare kritekoaren ek in optreden jaan. It SIO (in grut multy-funksjoneel wyksintrum) is goed te berikken mei sawol de auto as de

stoarm belune.

As earder bûtengewoan amtner fan de boargerlike stân moast ik tinke oan de heisa dy't sa'n tweintich jier lyn ûntstie doe't yn ús lân it houlik tusken twa minsken fan itselde geslacht mooglik waard. Der wiene amtners dy't, út oertsûging oangeande harren godstsjinstich leauwen, sa'n houlik net slute woen. Dêr waard skande fan sprutsen. Dy amtners waarden ferkettere. It wie by wet regele en dêr moast eltse amtner oan foldwaan. Der kamen sels rjochtsaken. Yn Fryslân waard der sels in wurd foar betocht: ferpofamtner. Gjin minske dy't der ek mar in momint oan tocht dat der faaks ek wol pearkes wêze kinne dy't leaver net troude wurde wolle troch in amtner dy't ek homohouliken slút. It is faaks wat fier socht, mar wêrom soe it net kinne? Hawar, ek dy stoarm is wer lizzen gien. Der binne noch hieltyd bûtengewoan amtners fan de boargerlike stân dy't gjin houliken slute tusken twa minsken fan itselde geslacht.



*Frijheidsbyld New York, symboal fan frijheid. Boarne: pixabay.com*

Dan meie we yn ús lân wol de grûnwetlike frijheid fan mieningsutering hawwe, as ien syn miening net past yn dy fan de grutte massa, wurdt dyjinge oan de skandepal spikere troch – faak anonime – skandalige reaksjes en sels bedrigingen op sosjale media. It frjemde is, dat oer dy kwealaster suver gjin opskuor ûntstiet, of it moat de spuigatten útrinne. Dan sette in pear publike pommeranten in algemiene quote op twitter, dêr 't se sokke reaksjes yn ôfwize. Dêr bliuwt it meastal by. Nei alle gedachten kin dat opstokeljende folkje op sosjale media rêstich syn gong gean. Sels guon fan ús folksfertsjintwurdigers kinne der bytiden wat fan. Blykber binne we der njonkelytsen oan wend rekke, of moatte we der mar oan wenne. Alles ûnder it mom fan de frijheid fan mieningsutering. Mei dy frijheid bliuwt it wrakseljen.



## Jan Bosgraaf: Frijheid – skreaun yn novimber 2022

Wy hawwe yn ús lân in soad frijheden en rjochten. Frijheid fan tinken, gewisse, godstsjinst, mieningsutering, ynformaasje, gearkomste, feriening, keunst, wittenskip, berop en ûndernimmerskip. Al dy frijheden binne yn de Grûnwet fêstlein. En noch in hânfol dingen dêr't we rjocht op hawwe. We binne der wakker grutsk op en jouwe der, as it yn 'e kream te pas komt, tige fan op. Dêr kinne in soad lannen in puntsje oan sûgje, wurdt der dan sein of tocht. Lannen dêr't minskerjochten skeind wurde. Lannen dêr't de frijheid fan minsken gjin sprekken lije kin. We sprekke der skande fan en meitsje in statement om it regear fan sa'n lân derop te wizen dat it hielendal ferkeard is dêr't se mei dwaande binne.

By it wrâldkampioenskip fuotbal yn Qatar wolle de KNVB en in stikmannich oare lannen ek in statement meitsje. De oanfierder fan it Nederlânske alvetal sil de OneLove-oanfiersbân drage. De kleuren fan it OneLove-logo symbolisearje ras en komôf (read, swart en grien) en alle genderidentiteiten en seksuele aarden (rôd, giel en blau). Dêr drage wy mei út dat we fóár ferbining en tsjin alle foarmen fan diskriminaasje binne. No, dêr sil de emir fan Qatar, Tamim bin Hamad al-Thani, net wekker fan lizze. Yn in lân dêr't froulju mei in wale fergelike wurde mei ferpakt snobbersguod (yn in fraachpetear op de Dútske stjoerder ZDF) en manlju dy't hân yn hân kuierje, trije jier finzenis riskearje, hellet sa'n OneLove-bân neat út.

In wykmannich lyn droegen de oanfiersders yn it betelle fuotbal yn ús lân dy bân ek. Alleast, dat wie de bedoeling fan de KNVB. Mar twa oanfiersders fan earedivyzjeklups wegeren om dy bân te dragen. Net út dwersbongelerij, want dan soe 'k wol skriuwe dat se it ferpoften. It giet tsjin harren gewisse yn, omdat se it net rymje kinne mei harren leauwe. No, klear! Dochs? Mar och heden Hidske! Wat joech it my wer in opskuor. Wol in wike lang waard deroer praat en skreaun. Yn de measte gefallen yn negative sin. Oanfiersders hawwe in foarbyldfunksje. Se moatte sjen litte wêr't de klup foar stiet. Dit wie in miste kâns. En gean sa mar troch. Benammen op sosjale media waard der raar guod fan spuid. Dat helje ik hjir mar net oan. Lit my it hjir netsjes hâlde. In inkeling naam it foar de beide manlju op en wurdearre it dat se harren prinsipes net ferleagenen. Troch al it geharrewar besleat de KNVB dat de OneLove-earmbân yn it betelle fuotbal foarearst net mear droegen wurdt. Op himsels net sa'n sterk staaltsje fan belied, mar hawar. De kjeld wie fan 'e loft en de

trein en bus. Ik hoopje en ferwachtsje dat wy mei in grut oantal leden op dit feest wêze kinne!


De ferkiezings binne by jimme ek net ûngemurken foarby gien, tink ik. Ek yn Fryslân wie der in flinke ferskowing. De 'âlde' Provinsjale Steaten fan Fryslân kamen tiisdei 28 maart foar it lêst gear. De nije folksfertsjintwurdigers dy't op 15 maart keazen binne, nimme harren plak yn de Steateseal yn. Fan de 43 sittende folksfertsjintwurdigers namen 27 ôfskied. De oare 16 komme werom yn de nije Provinsjale Steaten. Kommissaris fan de Kening Arno Brok betanke alle Steateleden foar harren ynset: "Jimme hawwe der in ôfgrysluk soad tiid yn stutsen." Hy neamde it spitich dat der safolle politike ûnderfining fuortgiet. Kommissaris Brok seach werom op de ôfrûne sittingsperioade, dy't fersteurd waard troch it koroanafirus. Hy sei dat it yn de Fryske Steaten "gelokkich" hiel gewoan is om te besykjen om ferskillen te oerbrêgjen: "De gearwurking is oer it generaal noflik." Hy wiisde der ek op dat tolve Steateleden al earder opholden binne. Lanlik is de ôfrûne fjouwer jier hast in fjirdepart fan de Steateleden foartidich opstapt. Neffens Brok is "dy wikselfallichheid in minne ûntwikkeling."

No, mei dy wikselfallichheid hawwe wy oant no ta yn ús krite neat te dwaan, wy hawwe warbere minsken dy't al wer in moai hurdsje yn it bestjoer sitte. Ik wol dan ek myn kollega-bestjoersleden tige tank sizze foar harren krewearjen. En net allinnich de bestjoersleden, mar ek de frijwilligers dy't de feriening nedich hat om goed te funksjonearjen. Tige tank allegearre.

Alle leden winksje ik in sûn simmerskoft ta en ik hoopje jimme wer te sjen yn it nije seizoen!

## En fansels op 16 septimber yn Swol.

Oant sjen!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.



**KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2023-2024**

DATUM	WAT KOMT DER?
7 oktober 2023	14:30 oere yn De KRAKELING - Jiergearkomste mei oanfolgend programma en stampotbuffet
18 novimber 2023	14:30 oere yn POSA Toaniel/kabaret/muzyk
16 desimber 2023	14:30 oere yn POSA Krystmiddei
13 jannewaris 2024	14:30 oere yn De KRAKELING Nijjiersgearkomste
17 febrewaris 2024	14:30 oere yn POSA Toaniel/kabaret/muzyk
6 april 2024	20:00 oere yn POSA Toaniel/kabaret/muzyk

**KRITENIJS.**

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com) , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl) . Yn't foar tige tank.
- Op 24 febrewaris 2023 is ús lid Lieuwe Wiersma ferstoarn yn 'e âldens fan krekt gjin 95 jier. De kremaasje, wêr't guon fan ús bestjoer en leden wiene, wie op 4 maart yn Lelystêd. It bestjoer fan de krite winsket Doet, de bern, de pake- en beppesizzers en fierdere famylje folle krêft ta om dit ferlies te dragen.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

**De maitiid komt deroan**

De maitiid komt deroan.  
 Stadichoan stekke de puntsjes fan de pompeblêden wer boppe it wetter út.  
 Krookjes bloeie pears, wyt en giel.  
 De kopkes fan liderkes skodzje hinne en wer yn de wyn.  
 Titelroazen trompetterje yn de sinne.  
 Teare knoppen ferskine oan beammen en strûken.  
 De jerken slove har út op 'e syk nei in wyfke.  
 De wyn is skraal en nachts friest it soms noch.  
 Mar lang duorret it net mear, dan is de maitiid wer yn it lân.

*Folkje Koster.*

**Holwert**

lizze te loaikjen en eltse gevel, eltse stoepe my Holwert fiele lit  
 en boppe de griene gerzen de grêven, dêr't ik oer kypje  
 nei de kime oer sleatten fol donker winterwetter  
 dat smachtsjend leit te wachtsjen, ljurkjend oan raaiich reid  
 dêr't fierderop mei wiid sprate earmen de dyk longeret nei immen  
 dy't er oan syn lang lichem kuoze kin  
 As de stêd as in jas fan myn skouder glidet  
 en ik de kant út lutsen wurd dêr't in nuete noardwester de wolken ferlitten hat  
 en op my oan dunet en sâlt wetter  
 myn lippen beruorket  
 it wetter de wyn bolbjirken it paad  
 nei de toer wiist  
 dêr't de strjitten en huzen omhinne  
 lizze te loaikjenen sa, it doarp as hoe-  
 der yn 'e rêch  
 en foar my yn de dûns fan ebbe en  
 floed  
 floed en ebbe de see... de see  
 ik bin wer thús.

*Inne Bilker*



Holwert, Willibrordustsjerke. Foto Romke Hoekstra (boarne: [Wikimedia Commons](https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Willibrordustsjerke_Holwert.jpg) – CC BY-SA 4.0)

## Wetterstof yn opkomst as enerzjyboarne

Bedriuwen yn Fryslân kinne – as it oan de provinsje Fryslân leit – mear fan griene wetterstof as enerzjyboarne yn harren bedriuwsprosessen gebrûk meitsje. Wetterstof kin as ferfanging foar ierdgas tsjinje en oan in duorsumer maatskippij bydrage. De provinsje wol de beskikberens fan wetterstof fergrutsje troch de komst fan tankpunten te stypjen en ôftakking út it lanlike wetterstof-netwurk mooglik te meitsjen. Enerzjydeputearre Sietske Poepjes makke dy plannen woansdei bekend yn de Fryske Wetterstof Aginda.



Yn it provinsjaal enerzjyprogramma binne wetterwaarmte en grien gas de wichtichste spearpunten. Boppedat binne der neffens deputearre Poepjes yn Fryslân kânsen foar suksesfolle tapassingen fan griene wetterstof. Lokaal kin it in oplossing wêze foar enerzjyproblemen dêr't oare enerzjyboarnen problematysk binne, bygelyks troch oerbelêsting op it enerzjynet. It omsetten fan opwekke elektrisiteit dy't net brûkt wurde kin yn wetterstof soarget derfoar dat dy elektrisiteit net ferlern giet, mar opslein wurdt en letter brûkt wurde kin.

Wetterstof is ek nijsgjirrich as brânstof foar swier ferfier, lykas binnenfeartskippen en frachtweinen. Wetterstof hat in grutter berik en tankt folle flugger as it opladen fan in batterij. Uteinlik binne der grutte mooglikheden foar Fryske bedriuwen om mei wetterstof ynnovative oplossingen te ûntwikkeljen en sa nije fertsjinnermodellen te meitsjen. Dêr profitearret de Fryske ekonomy fan.

Fryslân stelt in kertiermakker oan om gearwurkingsferbannen op te rjochtsjen. Dêrfoar sjocht de provinsje nei de buorlju, de provinsjes Grinslân en Drinte, mar ek nei it Dútske Nedersaksen. Troch dy gearwurking hopet de deputearre mear wetterstofprojekten fan 'e grûn te krijen. De provinsje sil selsjen hoe't it gebrûk fan griene wetterstof makliker te meitsjen is yn bygelyks iepenbier ferfier en by ynfrastrukturele wurken. (Ut it Nijs)

## UT DE BOEKEHOEKE



It winterskoft 2022 - 2023 sit der wer op. Foar de simmer komt der gjin kritegearkomste mear, dus ek gjin boeketafel. Op de 3 kear dat de boeketafel der wie, hawwe jimme dochs wer hiel wat boeken kocht, wat in aardige opbringst jout foar de krite. Folle tank hjir foar.



Dizze kear dus efkes gjin boekbesprekking, mar in mear algemien ferhaal.

Wy hawwe noch in hiele soad boeken, foar elk is der wol wat by: romans, histoaryske boeken, detective, spanning, ensf.

De prizen binne leech fan € 0,50 foar healsliten, oant € 5,00 foar nije boeken.

Dus sykje jimme noch wat foar in moaie lange simmerjûn, kom dan mar ris lekker sneupe op Saerдам 143, by Luit Dijk en Johanna van Dijk, [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl), til. 0320-412444.

Der is folop kar.

**Ut de ITENSIEDERIJ**

**Sineeske fiskskûtel**

**Yngrediïnten foar 4 persoanen:**

- ◆ 4 bakte lekkerbekjes;
- ◆ 50 gr bûter of 3 ytleppels sinneblomoalje;
- ◆ 1 fynmakke sipel;
- ◆ 2 teantsjes knyflok;
- ◆ 1 eetlepel jittik;
- ◆ 1 ytleppel fynmakke gimber;
- ◆ 1 yn ringen sniene prei;
- ◆ 2 ytleppels tomateketchup;
- ◆ 1 skylde, yn hiele tinne plakjes sniene komkommer;
- ◆ 1 yn ringen sniene paprika



**Tameitsjen**

- ◆ Keapje de lekkerbekjes waarm, flak foar it iten of ferwaarmje se yn foly ferpakt yn de ûne.
- ◆ Ferwaarmje foar de saus de bûter of oalje yn in panne en fruit dêryn de sipel en de knyflok oant se ljocht brún binne.
- ◆ Foegje de gimber ta en skink de jittik + 1 ytleppel wetter derby.
- ◆ Lit de ringen prei efkes meistove.
- ◆ Doch dan de tomateketchup derby en ferwaarmje de plakjes komkommer koart oant se in bytsje sêft binne, mar net al te gear.
- ◆ Lis de waarme lekkerbekjes op in skaal, ferdiel de saus deroer en garnearje de skaal mei de ringen paprika.
- ◆ Jou der rys by.

Yt lekker!

Yvonne Nederpel.



**Opjefte-formulier foar it Jubileumfeest FBoU 100 jier fan  
sneon 16 septimber 2023.**

Jawis, ik / wy komme nei Swol foar dit Jubileumfeest

**Namme 1 :** .....

**Namme 2 :** .....

**Adres :** .....

**Wenplak :** .....

**e-mailadres :** .....

Ik / wy komme:

0 de hiele dei – kostet € 25,00

0 allinnich moarns (mei lunsj) kostet € 15,00

0 allinnich middeis (mei waarm miel) kostet € 20,00

0 evt. allergy-winsken .....

Kosten oermeitsje op rekkennûmer  
**NL94 INGB 0000 3200 77 fan it FBoU yn Hoarn**  
fermelde mei namme en FBoU100





**Dit feest meie jimme fansels  
net misse, want 100 jier  
bestean, dat is gjin sinekuere!**

**Kosten : allinnich moarns € 15,00 p.p. (lunsj ynbegrepen)  
allinnich middeis € 20,00 p.p. (mei waarm miel )  
de hiele dei € 25,00 p.p.**

**Oermeitsje foar 15 juny op rekkennûmer fan:**

**It Frysk Boun om Utens te Hoarn op**

**IBAN: NL94 INGB 0000 3200 77.**

**mei fermelding fan namme(n) en FBoU100**

**Opjefte dogge ..**

**kriteleden by de skriuwer fan de krite, LUIT DIJK.**

**Luit stjoert de dielnimmerslist mei nammen en  
adressen nei de Bounsskriuwer foar 15 juny 2023**

**Wa't, om hokker reden dan ek, foar 31 augustus syn/har op-  
jefte werom lûkt, krijt it jild werom.**

## **Te Boalsert op 'e merke.**

De measte lietsjes út *Fryslân sjongt*, dêr't 'de leafde' in rol yn spilet, geane oer de 'griene tiid'. Hoe't jonge en famke byinoar komme (oare foarmen fan ferbinings bestienen doe fansels ek, mar 'dêr waard net oer praat', lit stean oer dichtte). It is dan nijsgjirrich om te sykje nei ferbinings mei it libben fan de dichters. Ik wol dat no dwaan by in 'haadleveransier' fan *Fryslân sjongt*-lietsjes, de Grouster dichter en dokter Eeltsje Halbertsma.(1797 - 1858). Hy wie in tiidgenoat fan de Dútse dichter Heinrich Heine. En kaam yn 1818 yn de kunde mei de Dútse romantyske liet-kultuer doe't er in heal jier yn Heidelberg studearre. Mei wyskes en foarbylden yn 'e holle bedarre er wer yn Grou, as begjinnend dokter, dy't soms konsult hold yn 'e kroech. Dêr't er ek mei skriuwen begûn.

It earste lietsje dat 'ûnder de minsken kaam' hie as titel: *De Boalserter merke*. It lietsje hat as ûndertitel: *Hoatze en syn Wobbel*. It is in frije bewurking fan in lietsje dat er yn Heidelberg sjongen leard hat: *Hans und Verene*. It is skreaun troch Johan Peter Hebel, yn it Allemannisch, de taal fan de streek dêr't de dichter as jonkje simmers mei syn âlden wenne.

To Boalsert yn 'e merke  
Seach ik in famke gean.  
Ik tochte, bern! wat biste tûk;  
Sa jong en prûs, sa nuver smûk;  
Ja nuver smûk; (bis)  
Sa tsjep yn sneinske klean.

Ik kaam har wer temjitte  
En seach har bjuster oan.  
Ik seach har oan, ik seach har nei;  
Mar seach hja my, dan rûn ik wei;  
Ja, rûn ik wei, (bis)  
En like hast bestoarn.

De jûn begûn te kommen  
En 't foltsen gong te bier;  
De famkes kui' ren hân oan hân  
En wat 'er wie yn 't Fryske lân,  
Yn 't Fryske lân, (bis)  
Moast no ris oan 'e swier.

Myn bloed bigûn te koaitsjen;  
Ik wist te wrâld nin rie.  
Ik wie dochs jit mar santsjin jier,  
En no al mei in faam te bier,  
In faam to bier, (bis)  
Dêr 'k nea net dûnse hie.

In hele ryg'le fammen,  
Dy kamen op my ta  
En tomm'len my dêr op it liif,  
En seinen: "Man! dêr is dyn wiif,  
Dêr is dyn wiif; (bis)  
Want Wobbel woeste ha."

En Wobbel liet har sinke,  
En patte as in wyld.  
As pypkaniel oer rizenbrij,  
Ja, noch wol swietter smakke 't my,  
Ja, smakke 't my, (bis)  
Fan sokken aardich byld.



Boppesteande útnûging is foar troch it Boun útnûge gasten

# Utnûging

**Jubileum 100 jier FBoU**

**sneon 16 septimber 2023**

**Alle Friezen om Utens binne dy dei wolkom yn**

**Wyksintrum SIO, Thorbeckelaan 2 - 8014 AZ Swol**

**Opjefte stiet op side 11 fan dit boekje**

**Opjefte foar 15 juny!! Sjoch side 10.**

## Yn konsept sjocht it programma der sa út:

10.00 - 10.50 o. Ynrin

11.00 - 11.15 o. Wolkom / Iepening

11.15 - 11.20 o. Frysk folksliet

11.20 - 11.30 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin

11.30 - 11.45 o. Taspraak bekende Fries : Wiebe Wieling

11.45 - 12.00 o. Utrikken Jubileumboek oan Hâns Dijk en Jitske Kingma

12.10 - 12.20 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin

12.20 - 12.32 o. Utrikking predikaat KENINKLIK (\*)

12.32 - 12.40 o. Jubileumliet troch Grytsje Kingma en Rob du Jardin (\*)

12.40 - 13.50 o. Lunsj – toast útbringe op 100 jier FBoU

14.05 - 14.30 o. Bounskoar (Swol , Lelystêd en inkele sjongers fan Boadegraven en Twente) sjongt

14.35 - 15.00 o. Gurbe Douwstra treedt op

15.00 - 15.20 o. Skoft

15.30 - 17.00 o. Spesjaal Jubileumprogramma HYMPHAMP

17.00 - 18.00 o. Tiid foar moeting en petear

18.00 - 19.15 o. Waarm en kâld buffet

19.15 - 19.30 o. Ofsluting – prizen fan de ferlotting ôfhelje

(\*) Ofwachtsje of it slagget.....

**Hâld fierdere meidielings oer it Jubileum by op [www.fryskbutenfryslan.frl/100 JIER FRYSK BOUN.html](http://www.fryskbutenfryslan.frl/100_JIER_FRYSK_BOUN.html)**

**Yntusken: bliuw sûn en hâld inoar in bytsje yn 't each – sykje yn elts selskip inoar op en hâldt de bân yn stân!**